GROU



IN PRAETSJE BY IN PLAETSJE.

Grou foar sa'n 50 jier tobek. As men dizze foto sjocht is der dochs nochal hwat foroare. It earste hûs lofts wie doe in herberge „Het wapen van Grou", dêr't de twa Grouster bearzen op it úthingboerd skildere stiene. Dan komt it Halbertsmahûs, doe ek al postkantoar. It hûs dêrneist, it hûs mei it „stientsje" waerd biwenne fan Smits, gemeente-ontvanger. Dan kaem seilmakker S. U. de Vries en dan de klearmakker Schuringa. It greate hûs, eartiids gemeentehûs, waerd biwenne fan de famylje Haites. Dêrneist Wid. Budstra en dan Joh. Kerkhof.

Fan de bern dy't meast op it plaetsje steane is net safolle to fortellen. Mei de loupe hat S. Molenaar, dêrt wy dizze bysunderheden fan hawwe ûnditsen dat de jongfeint mei de wite kile oan ~~Thomas de Jong~~ Sake Bokma is, ~~dy't hjir nou wer to Grou wennet~~. It famke rjochts fan de beam mei it huodtsje skean op is de frou fan Reinder de Vries. Mooglik dat der Grousters binne dy't om de sechstiger jierren sitte, dy't harren sels út it klofke bern werom fine kinne. Hja kinne de foto by ús wol sjen, dy't fansels skerper is dan in kranteofprintsel.

En hwêrom't de flagge op 'e toer stiet? Dy deis 28 Maeije 1904 waerd de tinkstien fan dokter Eeltsje yn it park „onthuld". Wy hoopje dêr ynkoarten in bysundere foto fan to jaen.

Kritetoneel

1912

De Trijehoek

Ant mink klaas ... Vlugt alb. Visser!

Kommies mei fran e 2 jongs

Klas. mink

Pake Sybren mei Beppe zj e mooie Ank lopt fan heim.

hûs der fiskate kommyzen wennen

It hûs mei etalage we lettel groentesaad Tines Wester

T. wyks sy hûs

OFBRAEK.

Hjirby de foto dêr't de hear Postma syn stikje by skreaun hat. Ek de muorre fan it hûs dat noch stean bleaun is, liket net bêst mear. Dat er op dizze hoeke noch mear huzen fordwine sille, stiet dan ek wol fêst.

Dit hûs is it winkeltje van Tines Wester op de foto der boppe.

OFBRAEK

Nou't yn 'e Boogstrjitte in greate foroaring op til is — in diel fan de klompe wenningen dêr, dy't mei de tiid allegearre ôfbrutsen wurde, leit al plat om't dêr plak komme moat foar in transformator — is it út histoarysk eachpunt bisjoen, wol goed gewach to meitsjen fan ien en oar dat forbân hâldt mei itjinge dat foar ivich wei wurdt.

Om't ik in diel fan myn bernejierren dêr trochbrocht haw, binne by 't skriuwen fan dit stikje, myn gefoelens iendiels wémoedich, om hwat fuort is en net wer komt, mar teffens wittende dat de foroaring needsaeklik en nuttig is.

Sa't ik yn myn „Wandeling door oud Grouw" meidield haw, wennen myn âlden omstrings 1880 yn it hûs dat nou krekt ôfbrutsen is. (It hoekhûs). Foar ús oer, dêr't Tines Wester wennet, wenne doetiids Tjitte Bijlsma — Tjitte en Frouk. In jonge fan harren, IJsbrand, wie myn kammeraet.

By myn tinzen oer dy tiid soe't my gjin nij dien hawwe, as wy dêr in bytsje óare tael brûkt hiene yn dy hoeke fan Grou. Hwant eat apparts hie „de spande kont", letter „Jordaen" wol.

It stimpel op dat bisûnder diel fan à. Grou waerd dochs wol lein troch de biwenners fan doe. Neam ik foarst de heit fan myn kammeraet, Tjitte Bijlsma, dy't mei syn forhalen oer syn sémansreizen ús yn de sfear brocht fan de romantyk. Dêrta holp mei de foltúgde trijemester, dy't by Gerben Pieters — dy't wenne neist de timmerwinkel fan Halbertsma — ek in bêste farder, yn 'e gong stie.

It wie gjin wûnder dat langstme yn ús opkaem om ek séfarder to wurden en fiere reizen to dwaen. Doe't dan ek Sybe Jellema — ien fan ús buorrentsje — thús kaem mei it moaije marinepakje mei de branikraech, wie ik net mear to hâlden. Ik soe en moest nei de marine. Nou, ik haw myn sin krigen, ik haw fiere reizen makke.

Dat langstme nei farren waerd forgreate trochdat wy op ús hoekje ek noch in pear bûterskippers hiene, dy't nei harren wyklikse reizen nei Harns sneons en sneins oan 'e wâl leine. Bûter en tsiiskeaplju, û.o. Tjalling Halbertsma en Bouwe van der Meulen hiene dêr ek harren kantoaren en pakhuzen.

Sa't men nou noch sjen kin — it hûs dat noch oerein stiet, hat in ôfsniene hoek en wie nedich om romte to jaen foar it oanlizzen fan fartugen. De baei roun troch oan it kantoar fan Tj. Halbertsma, letter wenne dêr de slachter Jurjen Bokma. De kersthúswâl wie opslach.

Fynsten yn it Wyllân ûnder Grou

Doede Iedes hiert al in fiermannich fan e' Grouster tsjerke. Mar dat er fleurich buorket dêr yn it Wyllân tusken Grêft, Geau en Folkertsleat, dat is fers twa. Alle jierren wer oan hat er it to kwea mei it wetter, dat ier yn 'e neisimmer soms, it lân yn 'e gros of ûnder wetter set en der maitiidsdei net wer ôf wol. It komt foar, dat it fé mei Pinkster noch op stâl stiet en it is gjin niget, dat by al dy wiete boel, it gemaek navenant is. Om Krystiid 1542 hinne, as er alle gelegenheid hat, de binaude sitewaesje yn it bûthûs en de heaberch nêst it langhûs op to nimmen en it yn 'e fiere omkriten ien sé fan wetter is, ripet de gedachte by him, de pleats mar to forlitten en in oare hinnekommen to sykjen. Toalve gouden gounen hier del to tellen foar de hearen tsjerkfâden wylst men de helt net iens meitsje kin yn dit sodzige, heane lân! Né, sa giet it net langer. Hja dêr yn Grou, yn it skaed fan 'e St. Piter op in moaije droege terp, hja kinne om him in oare hierder sykje. En as hja dan de hier net de helt of in fjirde part forleegje, dan meitsje se noch ris ien ûngelokkich!

Sjoch, sa moat men jin om it midden fan 'e 16e ieu de tastân, op groun fan in âlde ynventarisaesje fan it Grouster tsjerklik bisit, dat fêst wol in 100pm. bisloech yn it Wyllân, foarstelle. Der is wol hwat oan dit lichte lân dien inkelde jierren foar it jier boppeneamd: men hat it b.g. bigreppele en miskien ek hwat simmerdykjes oanlein, mar ik leau mei Dr O. Postma, dat it net folle om 'e hakken hawn hat. Oars hie Doede Iedes sa net praten, as er die.

Dochs hat de Grouster tsjerke der de hannen net ôflutsen, hwant oars hie er om 1580 hinne in oare hierder, mei namme **Sytse Fokkes** net 60 goudgounen liend, om de holle boppe wetter to hâlden. It wie lykwols om 'e nocht, hwant it hûs, op in lyts terpke lizzende, wie sadanich yn forfal, dat it de kosten fan it opmeitsjen, lit stean fan it ôfbrekken en it bouwen fan in nijen ien, net hoedzje koe. Dat oer net lange jierren sil der gjin hûs mear stean en de hiele greate flakte tusken **Grêft**, **Geau**, **Doekedwersleat** en **Folkertsleat** sil útinoar falle yn ytlike stikken los lân.

Hwat hjir boppe stiet, ha ik ek oan 'e Grouster boeren forteld, forline jier yn 'e hjerst. Men hearde der fan op, dat der doe, fjouwerhûndert jier forlyn, in pleats stie, hwant elkenien wist wol, dat de buorkerij fan Abe Mulder en Wibe Jongsma oan 'e Grêft der noch mar sûnt 1926 en 1927 stiene. Foar dy tiid wie it blaugers, dat alle jierren forhierd waerd, net allinne oan Grousters, mar ek oan boeren út 'e Wâlden. Yn it skoft kaem de hear **Tsjerk Wartena** fan 'e tsjerkepleats oan 'e **Ultsjebuorsterfeart** yn it **Leechlân** by my en fortelde ûnder oaren, dat der yn it Wyllân, fuort by in stik lân, dat brûkte in kop yn it lân lei, dy't by de boeren de namme **Doeke hússté** hie. Hy frege oft dy namme soms ek hwat to meitsjen hie mei de boer fan 1543 yn it Wyllân, **Doede Iedes** en as dat wol it gefal wie, oft dan de pleats dêr net stien hie.

Men kin fan tinken wol hawwe, dat dy meidieling my tige nijsgjirrich makke. Ik seach der daliks wol ljocht yn, **Doede** en **Doeke** foar deselde persoan to hâlden, op groun fan hwat de nammekundige Johan Winkler der oer skriuwt. **Dodo** (sa jowt it âlde geskrift fan 1543 him oan), is it selde as ús **Doede** en makke men fan Doede in forlytsfoarm, dan wurdt it **Doedeke**. Yn 400 jier is dat middelste wurdlid **de** der útrekke en **Doeke** oerbleaun.

Dat, om noch mear wissichheit to krijen, wie it bêste en gean sels it fjild mar ris yn. De hear Wartena fielde der alles foar en sa binne wy op in moaije middei yn April 1954 der op útgien.

As jo it net witten hiene, achte lêzer, dan hiene jo dy acht minsken dêr op it Wyllân, mei skeppen op 't skouder en allegearre yn 'e boerewurkdracht, foar in stel boeren hâlden, dy de krike oan 'e feartswâl oan it elemint weroan joegen, hwert it út fuortkommen wie. Mar de netboer, stiek der mei de kop ôf en op gâns plakken kraste stien op izer. Doe't de seadde der ôf wie en it earste stek dien waerd, kaem al daliks in diggel foar't ljocht, dy't in ûnmiskenbere oanwizing wie, dat wy op it goede plak oanlânne wiene: it wie nammentlik sa'n diggel, dy't de deskundigen datearje yn 'e twade helte fan't 16e ieu, dat is dus yn Doede Iedes en Sytse Fokkes har tiid. It selskip waerd troch dizze fynst net in bytsje oanstutsen en seach skerp ta, hwat der al sa út it gat foar't ljocht kaem. Nou, dat wie sa opperflakkich bisjoen, net folle, mar foar de kenner mear as genôch. Hwant bihalven dan dat moaije gleade, brune, mei figuren-yn-relief forsierde stik, founen wy ek in hielebult fan dy swarte stikjes potguod dêr't de keizel yn bibakt siet. Dat moast folle en foile âlder wêze as itjinge earst foun waerd. De hear Penning, amanuensis fan it Frysk Museum fortelde my letter, dat it út in tiid stamme, foâr it jier tûzen, de s.n. tredde terpperioade.

Oan 'e kleur fan it gers en oan de frucht hiene dy daliks al sjoen, dat wy mei hiel oare groun to meitsjen hiene as it lân der om hinne, mar de proefgatten fortelden ús boppedat noch, dat wy mei in terpke to dwaen hiene, opsmiten fan klaei, op leechfean (klyn). Der sil sa'n foege meter klaei sitten hawwe.

Myn meiwurkers hiene ûnderwilens al forteld, dat der noch mear sokke stéjen yn it Wyllân sieten, mar om't hja eartiids net wisten, hwat de sin fan sa'n kop wie, hiene hja der fierders ek gjin oandacht oan bistege. Us earste opgraving makke har lykwols yndachtich en sa setten wy nei in twad sté, efkes noardliker. Wy moasten dêr foar ek in brede feart oerstekke, folle breder as dat de langste pols rikt. Dy feart neamden se de **Doekefeart**, in namme, dy't fansels gearhinget mei **Doeke** hússté en dy't nei't ik letter seach, ek foarkomt op de gritenijkaert fan Idaerderadiel fan ± 1850. En yndied, oan de oare kant wie wer sa'n sté en ek hjir levere it âldheden op út it tiidrek foar it jier tûzen. Dit terpke wie ek al krekt as Doeke hussté frijhwat yn 'e klyn weisonken en dêrom hie it foar lettere eigeners of brûkers ek gjin biswier west, om der in greppel trochhinne to graven. Yn de s.n. **Sloterdyks njuggene**, ien stik fierder nei it westen, tsjinne nûmer trije him oan, net oars as de foargeanden. Nûmer fjouwer, yn 'e saneamde **Gariper five**, nou ien stik, mar eartiids twa, leit kreas yn it noardeastlik hoekje en de greppel folget dêr moai dit birin fan 'e terp, krekt as by Doeke hússté, hwêr't de sieat it foar in part die. Mear as yn de oare trije founen wy hjir stien en oerbliuwsels fan diggelguod ja, der kamen sels geve âlde friezen oan it ljocht.

Wolfoldien setten wy wer op sate **„de Patroan"**, de tsjerkepleats oan 'e Ultsjebuorsterfeart, ta en wiene efkes foar melkerstiid thús. Doe't wy yn 'e rin fan 'e simmer fan de Topografyske Tsjinst to Delft in loftfoto fan dit gebiet liene mochten, founen wy dêr alle fjouwer hússtéjen op werom as ljochte plakjes yn 'e lannen. Doe seagen wy teffens, dat der op dy loftfoto fan in hichte fan sa'n 4000 m. ôf nommen, noch mear fan sokke flekjes wiene. Men kin fan tinken wol hawwe, dat wy net earder tofreden wiene as dy forskynsels moasten ek ûndersocht wurden. Wy troffen foar ús twade tocht, yn 'e lêste wike fan Septimber moai waer, ien fan 'e útsonderingen yn 't jier 1954. Seis man diene diskear mei. Om koart to gean hawwe wy dy deis trije nije stéjen fêststelle kinnen, hwerfan 2 fuort by elkoar, yn in stik, dat men de **Lippenhúster tsiene** naemt, fan âlde tiden ôf bisit fan 'e Lippenhústers. De meast noardlike leit deun tsjin 'e Folkertsleat oan. Dêr bilibben wy it momint fan 'e dei. De „pjokker" koe op in bipaeld sté net fierder as in heale meter yn 'e groun komme, wylst in foet dêr njonken it izer nei in meter frij fluch yn 'e klyn weitreaun wurde koe. It kraste ek net, dat wy tochten daliks oan hout.

Dêr moasten wy fansels mear fan witte! De skeppen en boarkes skeaten de groun yn en nei hiel koarte tiid kaem der yndied hout foar 't ljocht, fierhinne forgien. Mar hwat djipper Ruerd groef (hy stie yn 't gat) hwat gever it hout, dat mei in hoeke fan sa'n 100 gr. yn 'e groun stie, waerd. En op 't lêst tekene him foar ús forhearde eagen de binnekant fan in út boegen yn elkoar klonken fet, sûnder boaijem, ôf, mei in trochsneed fan in goed meter. Wy hiene doe fansels wol troch, dat wy hiel tafallich op in put tolânne komt wiene, en gedachtich oan 'e fynsten, dy't faek op 'e boaijem fan sokke putten dien binne, waerd mei greatere forsichtigens fierder arbeide.

Spitich wie it, dat om 'e naute en it grounwetter en by gebrek oan gaedlik ark wy net oan 'e boaijem ta komme koene. Mei de boom fan ús motorboat stelden wy fêst, dat de put sa'n 4 m. djip wie en dat er moai wis oan it sân ta útgroeven wie.

Mr Boeles datearret yn syn boek „Friesland tot de elfde eeuw" soksoarte putten foar it jier 1000. Dat komt dus aerdich oerien mei dy fan it âldste diggelguod yn dizze wierkes. Men sil freegje hoe't biwenning op dizze sompige, slappe groun mooglik west hat. Dêr kin op andere wurde, dat foâr it droechmeitsjen fan de Middelsé, dêr't al it wetter fan de hegere grounen yn it easten, fia de Boarn en syn sydearmen hinne streamde, hjir biwenning op terpkes mooglik west hat. Mar doe't dy natuerlike ôfstreaming ôfroun wie, moasten der nije ôffierwegen makke wurde, dy't net heal sa goed wurken as der foar. De lege lannen forsûpten binei en op't lêst moasten de boeren dizze lânsdouwen forlitte. Ien fan de lêste is Doede Iedes, hwant nei 1600 is dit lân oerlitten oan it wetterfûgelt en wurdt it noch ris echt **wyld lân.**

O. SANTEMA.

De Wildlanden (it Wyllân) tusken Geau, Grêft, Folkertsleat en Prinsehôf yn Idaerderadiel.

☐ *Terpkes út de tredde terpe-périoade.*
● *Hjoeddeiske pleatsen.*

Friesch landbouwblad
3 december 1954

ynwijde soe nuver opsjoen hawwe, as er it selskip op in bipaeld plak midden yn't lân de kile útsmiten sjoen hie om de seadde los to meitsjen. De lêzer sil al ret hawwe, dat wy doe op **Doeke hússté** oankommen wiene. Ta it ark, dat de hr. W. meinommen hie, hearde ek, in koart hearoedtsje. Ien fan 'e soannen fan 'e tsjerkepleats-

Aan de Grouw worden jaarlijks drie miljoen snoekjes geboren

Foppe Geerits de Haan

Door inkrimping van ‚bûtlân natuurlijke paaiplaats voo

Op de voorpagina van de krant van maandag de foto van J. Koopmans en P. de Vries uit W vangst van één middag: negen forse snoeken uit buurt van Arum. De zwaarste woog liefst 25 p wicht van de anderen varieerde van zeven tot a waren dus allemaal nogal gewichtige dieren. Echt men met oudvader pleegt te betitelen. Geen wo zo'n kanjer ziet. Vooral wanneer men daarbij be eens een centimeter lang en enkele milimeters dik zich uit het ei worstelde . . . . in Grouw. Beter ge want aan de oever van dat water worden practis boren, die in het waterrijke Friesland voorkomen.

Dat is niet alleen in dit gewest het geval, maar ook in een veel groter deel van Nederland, terwijl in een land als Oostenrijk ook snoeken voorkomen van wie de wieg in Friesland heeft gestaan. Die zijn dan geruild tegen Oostenrijkse snoekjes van iets grotere afmetingen en van die Oostenrijkers zwemmen er ook wel in Friesland. Honderd om een is de snoek die de beroeps- of de sportvisser in Friesland vangt in de kraamkamer te Grouw geboren. Honderd om een hebben de beroeps- of de sportvisser het dier ook zelf betaald, want de snoekjes komen zo maar niet uit de kwekerij in de openbare wateren. Ze moeten worden uitgezet en om dat te kunnen doen, moet men de diertjes kopen. Dat is een handel, die met grote getallen werkt. De productie van de kwekerij bedraagt per jaar zo'n drie tot drie en een half miljoen snoekjes. Stuk voor stuk worden die niet geteld, maar de schatting is toch vrij nauwkeurig.

Een pond kuit bevat 40.000 eieren

Een pond snoekbroed bevat ongeveer veertigduizend eieren en wanneer bekend is, dat de kwekerij jaarlijks dik honderd pond kuit verwerkt dan vier miljoen e jes worden waardoor er jaarproductie miljoen snoek hoog geraamd Grouw wel u kwekerij best Het is dus be zegd, dat elke ter in Grouw lemaal vrij in geen snoeken bij heel, heel geboren. Daar kerij in Grouw der de vraatzu visstand het de mens het e esox lucius k dier verscha waarop de beroepsvisser uit economische motieven jaagt en de sportvisser om de spanning, die dit opwindende onderdeel van de hengelsport met zich meebrengt.

Afhankelijk van de temperatuur, maar altijd in het voorjaar en door elkaar genomen rond de twintigste maart is de snoek rijp, hetgeen dus inhoudt, dat zij — want dit is duidelijk vrouwenwerk — haar kuit kan schieten, dus de eieren kan afzetten. Het dier doet dit bij aan het hart, maar kweek-onderbreking g.

F. de Haan (rechts) met zoon Wolter bij de zeef, waar honderden snoekbaby's bezig zijn uit het ei te breken.

it ei na totaal 100 graden warmte

Door het vroege voorjaar was de snoek ditmaal ook eerder rijp dan andere jaren. Na de sluiting van het seizoen op 16 maart behoefde er dan ook practisch geen paaisnoek met speciale vergunning meer te worden gevangen. Om op een honderd pond kuit te komen moeten een vier- tot vijfhonderd snoeken worden afgestreken. De aldus verzamelde eieren worden samengebracht met het homvocht — het sperma — van de mannelijke dieren, waarna het geheel in een zestiental broedtrechters wordt gedaan. Dag en nacht worden die trechters ververst door er water uit de Grouw door te pompen. In stilstaand water zou door gebrek aan zuurstof de hoop van een tweehonderdduizend eieren in een trechter waardeloos worden, hetgeen de reden is, dat de heer De Haan ook 's nachts geregeld controleert of de pomp nog wel werkt.

De eieren moeten totaal ongeveer honderd graden warmte hebben gehad voor zij uitkomen. (Over een bepaalde periode worden dus de temperaturen, die het buitenwater overdag en 's nachts hebben gehad, bij elkaar opgeteld. Is totaal op honderd gekomen, dan hebben de eitjes genoeg warmte gehad.) Afhankelijk van de temperatuur van de Grouw vordert het broedproces ongeveer veertien dagen. Wanneer de eieren op uitkomen staan, verhuizen ze van de broedtrechters naar de broedzeven in de waterbakken. Na een uur hebben de snoekjes het karwei van het doorbreken van het ei volbracht en zwemmen zij van de zeef in de bak. Op de zeef blijft dan de waardeloze rest achter.

De snoekjes krijgen in een dooierzak voor ongeveer een week leeftocht mee op hun levensreis. Zij groeien bij de dag en na een week zijn zij krachtig genoeg om zelf hun voedsel te zoeken, hetgeen de eerste tijd uit plankton bestaat. Dat vinden zij genoeg in open water en daarom worden de snoekjes na een week langs veilige oevers op rustige plaatsjes uitgezet door de beroepsvissers en de hengelsportverenigingen, die dit jaar elk ongeveer een even groot kwantum afnemen, hetgeen betekent dat de beroepsvissers meer dan voorheen uitzetten. Heel de Grouwster kweek komt niet in de Friese wateren, maar geen nood, want elders zit men ook om snoekbaby's te springen.

Het begin van de snoekenkweek in Grouw. De wijfjessnoek wordt hier afgestreken, waarna het kuit met het homvocht van de mannetjessnoek in de broedtrechter komt. Nadat het bevruchte ei daarin een totale waterwarmte van ongeveer honderd graden heeft ontvangen, worstelt de larve zich uit het ei.

Dûbel iisklubjubileum yn Grou

DE ‚IISKLUB GROU' HUNDERT JIER ‚FOAR IT JONGE FOLKJE' AL 50

De flagge stie juster op 'e toer yn Grou en dat die in bytsje frjemd oan sa midden yn 'e winter, dy't gjin echte winter is. It wetter stie wakkere heech, mar der wie gjin iis en dat hiene de bistjûren fan de beide iisklubs yn Grou sa graech hawwe wollen, hwant de iisklub „Grou" en de iisklub „Foar it jonge folkje" fierden togearre harren jubileum. De „iisklub Grou" hat nou al hûndert jier bistien en „Foar it jonge folkje" krekt de helte minder, mar dat is foar jongfolk ek al in hiele rek. Yn hotel „Oostergoo" waerd justermiddei earst in resepsje troch de beide forieningen hâlden en de jouns wie der feest foar jong en âld mei in feestrevu fan it selskip Klaas Westra fan Stiens en in histoarysk oersjoch. Dat ien en oar tige yn 'e smaek foel is wol dûdlik. Joun sil de feestjoun nochris herhelle wurde. De klubs krigen in bulte kadeaus, blommen en oare bydragen.

Bestuur ijsclub „Grouw": zittende: v.l.n.r. H. Bouma, penningmeester, K. Zetzema, voorzitter, R. de Jong, secretaris; staande v.l.n.r.: K. Bijlsma, P. Eizenga, F. Mellema en P. Reitsma.

Skathâlder W. Pekema fan „Foar it jonge folkje" (lofts) wurdt „riddere" troch boargemaster Waldo.

De grote club, zoals de IJclub Grouw in het dorp wordt genoemd, heeft nooit over gebrek aan belangstelling te klagen gehad. Ongeveer 560 mensen zijn er op het ogenblik lid van. Op 1 november 1862 waren dat er 89 en zat er *f* 150 in de kas. Voor dat geld betaalde men onder andere een vijftiental pikeniers, die onder leiding van opper-pikenier Wytse Boonstra, de mensen die geen kaartjes hadden gekocht van de baan moesten jagen. Oege Bakker begeleidde toen de wedstrijden met tromgeroffel.

De eerste prominente rijder van de vereniging was Sake Sietema, die in 1864 een eerste prijs van *f* 70 in de wacht sleepte. In 1880 bestonden er van de zijde van het gemeentebestuur geen bezwaren meer tegen hardrijderijen voor vrouwen. De eerste werd in dat jaar gewonnen door Anke Beenen uit Langezwaag. De meeste prijzen waren in deze jaren echter voor Merk, Sipkje en Cornelia Kingma, broer en zusters, wier deelnemen aan de wedstrijden in Friesland één zegetocht was.

Leden van de vereniging, die in latere jaren de aandacht trokken, waren onder meer Martha Hemminga, Janna v. d. Meulen, Sjoukje Bouma, Piet IJsinga en Anske Adema. Een topjaar in de geschiedenis van de club is 1928-'29. Er werden toen 18 wedstrijden georganiseerd, die een bedrag van *f* 3224,45 aan uitgaven vergden. Naar een wedstrijd voor arresleden kwam toen liefst 3000 mensen kijken.

Het zal maar een enkeling bekend zijn, dat de club rond 1880 in de volksmond Pibe Tryn werd genoemd. Een brief die wij dezer dagen onder ogen kregen wijst daar op. In de notulen wordt hierover echter niets meegedeeld. Pibe komt van Pibe de Jong en Tryn van Trijntje Rijdinga, twee schaatscracks die in de eerste helft van de vorige eeuw in Grouw erg populair schijnen te zijn geweest. Zoals bekend worden schaatsclubs wel vaker naar sterke rijders genoemd: in Deersen is nu nog Adem Atse en in Wijtgaard Pier Thomas.

Voor de jeugd

De 'kleine club' — 340 leden — werd 50 jaar geleden opgericht omdat een aantal ingezetenen van Grouw meer wilde doen aan de schaatssport voor de jeugd. 'Foar it jonge Folkje' heeft wat dat betreft in de afgelopen 50 j. zijn naam alle eer aangedaan. Het heeft een groot aantal hardrijderijen voor jongens en meisjes georganiseerd, waarbij na 1945 ook Friese kampioenschappen. Jongeren die op de baan gewestelijke titels behaalden waren Aaltje Nauta, H. Bangma, Atje Deelstra en Marijke Flisijn.

De voorzittershamer is achtereenvolgens gehanteerd door de heren H. Stok, F. Smit en B. J. de Leeuw. De laatste doet dit nu al 26 jaar en heeft met mensen als Ruurd Bergsma, Tjitje Duiker, Sjoukje de Vries en Jochem Jansma onnoemelijk veel voor de vereniging gedaan. Omdat de voorzitter van de grote club, de heer K. Zetsema ziek is, zal hij vanavond de receptie als algemeen voorzitter leiden.

Op een avond van de achtste januari 1862 konden in Grouw vijf mannen zich tevreden in de handen wrijven. Zij hadden op het ijs van het Pikmeer een hardrijderij georganiseerd, die een voordelig saldo van liefst 69 gulden en 87 centen had opgebracht. De vijf staken in diezelfde maand de hoofden nog vesrchillende malen bij elkaar en op 31 januari werd in Grouw het grote nieuws bekend: Hidde en Tjallinga Halbertsma, Lykle de Vries, Menso Boltjens en Wybe v. d. Meulen hadden een schaatsclub opgericht.

Bestuur ijsclub „Foar it jonge folkje": zittend v.l.n.r.: W. Pekema, penningmeester, B. de Leeuw, voorzitter, A. Bouma, secretaris; staande v.l.n.r.: J. Brouwer, M. Kaastra, P. Eizenga en F. Bloemsma.

De Friso met admiraal en Mr. Linthorst Homan

Wedstrijd der boeiers te Grouw, op de voorgrond het Boljacht „Goetzee"

Honderdjarig bestaan
"Oostergoo"
Overdracht "Friso"

OUD-GROUW 1726—1842.

Grouw als centrum van de Klokmakerij.

Reeds in 1726 en misschien reeds eerder werd het klokmakersvak in Grouw druk beoefend.

De volgende klokmakers hebben in Grouw gewoond:

1739 Uurwerkmaker te Grouw, Tjebbe Bunds.
1750 Uurwerkmaker te Grouw, Rinze Durks, overleden 1787. 13-8
17.. Uurwerkmaker te Grouw, Jille Klazes, overleden 1790.
1796 Uurwerkmaker te Grouw, Klaas Johannes Andriessen.
1781 Uurwerkmaker te Grouw, Douwe Jelles Tasma.
1803 Uurwerkmaker te Grouw, Sipke Rinses.
18.. Uurwerkmaker te Grouw, J. K. Andriessen, overleden te Grouw 15 mei 1820.

ZEILEN TE GROUW.

In de Leeuwarder Courant van 12 mei 1820 stond de volgende overlijdens-advertentie:

Mijne achtenswaardige en hartelijk beminde man, J. K. Andriessen, Mr. Horlogie — en uurwerkmaker, stierf hedenmorgen tot mijne rechtmatige droefheid aan een uitteerende ziekte, in den jeugdigen leeftijd van 35 jaren.

De kerk verliest in hem een waardig lid, de maatschappij een nuttig burger, maar ik inzonderheid met mijn zoontje een dierbaar man en vader.

IJ. van Gorcum en Wed. J. K. Andriessen.

Hij wordt in 1810 genoemd als dorpsrechter.

In October 1759 wordt in het gemeentearchief vermeld Johannes Andriesz, Mr. Uurwerkmaker tot Grouw, getrouwd met Anderske Clases.

Het huis dat ze te Grouw bewoonden is nog kenbaar door de gevelsteen, waarop hun voorletters staan I.A. en A.K. geplaatst ter weerszijden van een klok, benevens het jaartal 1764. Dit staat aan het Halbertsmaplein en wordt thans bewoond door de heer H. B. de Jong.

In particulier bezit is nog een staande klok gemaakt door Johannes Andriessen, waarin een speelwerk met drie wijsjes, zoals blijkt uit een binnen in de klok geplakt briefje. De Bisschops-collecte in het Fries Museum heeft ook een staande klok, de kast ervan is met notenhout bedekt, de wijzerplaat wijst seconde, minuut, uur, dag, datum en maanstanden aan. Ook werd zijn naam gevonden op de wijzerplaat van een tafelklokje. De zoon van Johannes Andriessen werd in 1761 te Grouw geboren en trouwde in 1782 met Andriesje van Riessen.

Ook van hem zijn klokken bewaard gebleven, waaronder er waren met een speelwerk ingericht voor zes wijsjes. Met Johannes Klazes Andriessen is blijkbaar het derde geslacht van die familie van uurwerkmakers te Grouw heengegaan.

Tot een andere familie van klokmakers te Grouw behoorde Rinse Durks die reeds in 1730 werkzaam was. Hij overleed in 1787. Van hem wordt in het Fries Museum een stoeltjesklok bewaard. Zijn klokken onderscheidden zich van de meeste andere klokken doordat de wijzerplaat niet beschilderd is maar van glad koper vervaardigd is en naast het uur, de datum en de standen van de maan aanwijst. De klok is voorzien van slag- en wekkeruurwerk.

Ook was er de klokmaker Sipke Rinses, van wie er een staande klok is, gedateerd 1792, hij is een zoon van Rinse Durks. Aan het uurwerk van deze klok is een mechaniek verbonden met molens, vissers enz.

Sipke Rinses overleed in 1830. Een Grouwster klokkemaker waarvan vele klokken gevonden zijn was Douwe Jelles Tasma, die in 1753 geboren werd en in 1845 kwam te overlijden.

Ook was nog klokmaker te Grouw M. O. Cuyperus. Hij trouwde in 1797 en overleed in 1830. Ook van hem worden nog klokken aangetroffen.

In de eerste helft der 19e eeuw woonden in Grouw nog vele mr. uurwerkmakers. In deze periode werd als mr. uurwerkmaker vermeld Klaas Johannes Tempel.

In 1842 waren er nog twee klokmakerijen, doch omstreeks 1855—1860 werd — mede door het overlijden van de mr. uurwerkmaker Johs. Sj. Binnerts en Willem Sieuwes van Dijk — deze tot verval geraakte uurwerkmakerskunst opgeheven.

In de 18e — begin 19e eeuw was nog te Grouw als uurwerkmaker-hersteller werkzaam I. Ratsma.

In 1853 waren er te Grouw 2 uurwerkmakers en 3 knechten, het loon was per week 3 tot 4 gulden.

S. W.

It „Hofje" rekket syn biwenners kwyt, de huzen binne nou út de tiid. Hjir noch in foto doe't it set is, de beide mannen mei de jassen oan binne de oannimmers Hinne v. d. Veen (baes Hinne) en Marten de Vries, dêrneist Jan Kleinhuis. Op 'e oare kant bin ek noch trije bikend Joh. Smit, Klaes de Jong en Hinne de Jong. It ridskip wiist wol út, wat hja dienen. Foto is fan 1911.

In stikje Smellingerlân

Dit kaertsje fan Westsmellingerlân is planút sein in **nijsgjirrich** kaertsje. Men ûnderskiedt forskillende forskynsels: gâns wetter, feanen, bouwen en mieden en mar in pear doarpen. Ierdkundich bisjoen lizze âldere grounen fuort by jongere. Der binne sels **gaesten** to finen, bisúdeasten Aldegea de **Egbertgaesten** en bisúdwesten de **Gaesten** sûnder mear. Sokke nammen wize op lichte forheffingen fan 'e groun. Mar hwat mear nei it westen, hwat flakker de groun en hwat iepener it fjild. It liket suver wol, as wie dat gebiet by âlds praktysk ûnbiwenne. Op dit kaertsje (fan om ende by 1700) komt dúdlik út, dat de horizontale as fan it gebiet foarme wurdt troch it wetter, dat út it easten wei nei it westen rint. Hjoed-de-dei is dy feart der noch, moai breed op somlike plakken, sadat der hjir en dêr noch op skûtsje-syld wurdt. Ik bidoel uteraerd de rige **lejen** lyk as **Muontsje le,** de **Wide le,** de **Kromme le.** En dan de tuskenstikken en fuortsettingen dêrfan: it **Grytmansrak** (bisuden de **Headammen**); de **Muontsegreppel** of hiel folksaerdich forbastere ta **Mjuksgroppe**; de **Smeliestersanjes** en de **Kletsterfeart.** It is ien streamstelsel dat syn wetter út it heger easten öffierde nei it legere westen, hwêr't yn in bipaeld tiidrek de Middelsé it opnaem en nei de Noardsé öffierde, krekt as de Boarn it ek die. En dochs leau ik, dat dizze wetterier sa âld net is as de Boarn. Tominsen foar bipaelde gedeelten. Opfallend is hjir en dêr de trochgeande forkaveling, wylst dy by de **Kromme le,** de súdlike bigrinzing fan de **Hege Warren** hielendal ûntbrekt. De minske hat troch de tiden hinne yn dit gea gâns yngrepen. De feanen leveren al ieuwen oanien de b[illegible] en elkenien, dy't turf groef, mocht it útfeante lân lizze li[illegible] woe. Dêrfandinne ek al dy puoltsjes, dy't op dit kaertsje noch [illegible]jên binne bieasten, bisuden en biwesten it heger lizzende Aldeg[illegible] dy't nou allegearre al wer lân wurden binne, hwat sûnder mis lânsafforearming bitsjut hat.

Net fier fan Aldegea, efkes bisúdsúdeasten dêrfan, oan 'e Smeliestersanjes, hat yn 'e midsieuwen in kleaster stien, dat deselde namme hie as it stik le fuort binoarden dêrfan, n.l. (de) **Smell(le)-le.** Ik sjuch yn dit kleaster, dat oan ± 1400 fan 'e Augustiner koarhearen en regularissen wie, in sintrum fan aktiviteit yn 'e lêste 2 à 300 jier fan 'e midsieuwen. Ut dit kleaster wei is wer in úthôf ûntstien, de **Flearbosk,** hwêr't de muontsen sels buorken. Der is in rekkenboek fan Smelie oerbleaun, datearjende fan ± 1560/70, dêr't út blykt, dat Smelie doe praktysk hast alle pleatsen yn bisit hie op **Goanjehuzen,** de **Flearbosk,** de pleatsen oan 'e âlde **Slachtedyk, Sitebuorren** en **Pean** en dat de hierboeren faken de hiele hier yn naturalia of in pear dagen meanen yn 'e kleastermieden oan it kleaster opbrochten. Dat Smelie al dy pleatsen kocht hie, binne gjin biwizen foar, mar dat er se sels boud hat, likemin. En dochs wol it jin wol oan, sjoen de prestaesjes fan oare kleasters, dêr't dy biwizen der wol fan binne (Blomkamp, Klearkamp, Lidlum, Mariëngaarde ensf.). Doe't dizze geastlike ynstellingen noch net yn forfal rekke wiene (yn 'e 12e en 13e ieu en faeks ek noch wol hwat letter biskikten se oer in soad minsken en wie der idealisme) leine se **hjir** diken oan en **dêr** brochten se lân yn kultuer of se diene beide. Dêrneffens soe dus it gebiet fan „de **Oudegaster Hooylanden''** en dêrûnder de **Boarnburgermer mieden** en de **Kraenlannen** en de **Boarnster Noardermieden** (it noardlikste diel) wolris profitearje kinnen hawwe fan de nijere ynsichten op lânbougebiet fan de Konventualen.

Ik sei niis, dat net alle dielen fan dat lejenstelsel syn ûntstean oan 'e minske tanket. Sjoch b.g. ris nei de Kromme le, grins fan it Goanjehüster eilân, en de Hege warren. Prachtich slingert er dêr troch it majustueuze gea, dat gjin oantaesten fan syn mear as tûsenjierrich lânskipsbyld fornearje kin.

Ut ûndersikingen yn dit gebiet fan 'e Hege Warren hat my bliken dien, dat dit natuerreservaet archéologysk noch forskate oanwizingen bifettet fan folle âlder biwenning as de tiid fan 'e stifting fan Smelie.

S.

Het heiwerk op het terrein van het recreatiecentrum - in - wording te Grouw.

Palen de grond in voor zomerhuisjes te Grouw

De plannen van de Stichting Recreatiecentrum te Grouw dateren al van vijf, zes jaar geleden. Over die plannen is al vaker het een en ander geschreven, zodat ze wel bekend geacht kunnen worden. Nu is echter een nieuwe fase begonnen, het slaan van de fundering voor de eerste zomerhuisjes, dertig in getal. Zoals wij al hebben vermeld, kwam verleden week de rijksgoedkeuring los. Vrijdag reeds werden de plaatsen, waar de funderingspalen moesten komen, uitgezet, maandagochtend kwamen de eerste palen en dezelfde middag begon het heien, een karwei dat door Pranger en Tjepkema van Grouw wordt uitgevoerd voor de hoofdaannemers Stelwagen en Van Gorkum uit Roordahuizum. Het heien verloopt zeer snel. Het zal ongeveer een week tijd vragen.

De heer H. Leekstra, directeur van Gemeentewerken Idaarderadeel, die de plannen heeft ontworpen, deelde ons desgevraagd mee, dat er gebruik wordt gemaakt van houten palen van drie meter lengte, waarop betonopzetters komen van een meter lengte. Daarover worden betonbalken gestort. De houten palen komen beneden de grondwater stand, zodat ze worden geconserveerd. De zomerhuisjes worden ingericht voor vier, zes en acht personen. Midden juni hoopt het aannemersbedrijf de stenen huisjes op te leveren. Zoals wij al eens eerder hebben gemeld, zal het totaal aantal zomerhuizen in de toekomst op honderd worden gebracht. Er zal ook een steiger in de nabijheid in het Pikmeer worden gebouwd ten behoeve van de gasten, die hun vacantie op het recreatiecentrum aan de Graft komen doorbrengen.

Spinnekop bij Grouw wordt gerestaureerd

De spinnekop watermolen op de hoek van het Pikmeer en het Prinses Margrietkanaal te Grouw is bij alle watersporters een bekend object. dat het wonderwel doet in het landschap. Het molentje is echter ernstig in verval. Het staat op het gebied van het recreatie-oord, dat in wording is. De betekenis van het molentje, alleen uit toeristisch oogpunt al, zal dus nog toenemen. De spinnekop, die eigendom is van de provincie, zal nu worden gerestaureerd. Onder meer zullen er nieuwe wieken op worden aangebracht. febr 1962

zie 4 blz verder.

Eerste woonschip R. Buisman

Gelke Holtrop

febrewaris 1962

Iepen te Grouw staan betere weg in de weg

Er zijn plannen in de maak voor verbreding van de Marwei te Grouw, namelijk het gedeelte van de Drachtsterstraat tot de Paviljoenstraat. De wegbreedte zal, als de plannen worden aanvaard en het nodige geld ter beschikking komt, van drie op vijf meter worden gebracht. Bovendien zal er een trottoir worden aangelegd. Vooral in het zomerseizoen, als het in Grouw druk is met de watersportgasten, van wie velen per auto komen, is het op de Marwei ter hoogte van het Theehuis een knelpunt. In die situatie wil gemeentewerken van Idaarderadeel verandering gaan brengen, doch daarvoor is het nodig, dat een rij bomen wordt geveld. Een aantal is al tegen de grond gegaan.

De heer H. Leekstra, directeur van Gemeentewerken, betreurt het, dat de bomen het veld moeten ruimen en dat daardoor het silhouet van Grouw van het Pikmeer gezien veel van zijn aantrekkelijkheid zal verliezen. Bij de wegverbreding zouden de bomen echter midden in de weg komen te staan en bovendien bleken de iepen en wilgen hier al ouderdomsgebreken te vertonen. Bovendien hadden de bomen de leeftijd om gekapt te worden. Vanzelfsprekend zal een nieuwe beplanting worden aangebracht om het verlies van de bomen zoveel mogelijk te vergoeden. Andere mogelijkheden waren er niet, of er zou een deel van het meer gedempt moeten worden, hetgeen zeer hoge kosten mee zou brengen. Zo'n plan zou stellig niet de nodige goedkeuringen kunnen verkrijgen. Het plan, dat nu ontworpen wordt, wordt zodanig, dat hier en daar waarschijnlijk toch nog bomen kunnen blijven staan.

De Marswei yn opbou.

foarjiir 1964

Hûs Kaypman Veiser op 'e Skeyinwei

ZEILEN TE GROUW.

Zeilen te Grouw

Zeilen te Grouw

Zeilen te Grouw

Op de Friesche Meren

Gouden jubileum Gemengd Koor

De flach op'e toer sneontomoarns wie al in teken, dat der hwat bysûnders to rêdden wie yn Grou. It wie de earste dei fan de bitinking fan it gouden jubileum fan it „Gemengd Koor".

De middeis wiene bistjûr en leden yn de greate seal fan Oostergoo gearkom men, dêr't de resepsje hâlden waerd.

De foarsitter D. Atema bigoun mei in wurd fan wolkom, yn it bysûnder oan it earelid Ds. C. P. Hoekema. Hy fortelde eat fan de skiednis fan it koar, dat ûntstien is nei oanlieding fan de ûndergong fan it greate skip „Titanic" op 15 april 1912. De kapel fan dit skip spile, doe't it skip al sinkende wie it: „Nader mijn God tot U". Dit makke op'e wrâld sa'n yndruk, dat dit liet oeral spile en songen waerd. Ek yn Grou wie der in klubke dy't it ynstudeare en dat wiene de froulju C. Hoekema-Haites, G. Uilkema, G. de Visser, S. Bouma en A. de Visser en de manlju B. H. Gorter, H. J. v. d. Goot, G. de Vries en Tj. de Vries.

Op 5 maeije songen se dit liet by in tsjinst en út dit koarke is it Formanjekoar oprjuchte, dat nou dan Mingd Koar is. Earste dirigint wie J. van Stralen, letter is J. H. Gorter de man wurden en bleaun oant 1945 ta. It koar waerd greater en die mei oan konkoursen hwêryn hja yn de heechste klasse kaem. Mei de Formanje bleau de bân, omt dêr noch jimmer repetearre wurdt en men op de earste Krystdei syn meiwurking oan de tsjinst forlient, hwêrby dan ek al fyftich jier lang it „Ere, zij God" songen is. Nei '45 krije wy dan de perioade mei Kor Ket, dy't fan de konkoersen ôfstapte en oare doelen mei it Koar hie, dy't hy ek birikt hat. It Koar kaem mear op de foargroun troch meiwurking oan bilangrike útfieringen sa as de Jonkerboer yn de Harmony, hwêr ek de Ken. famylje oanwêzich wie. De útfiering fan de Psalmus Hongaricus fan Kodály, by it earste lustrum fan it Frysk orkest, mei it Bachkoar, Bonifatiusbitinking to Dokkum, Fryske dei yn it Konsertgebou to Amsterdam en sa fierder.

Hwat it koar oan dizze dirigent to tankjen hat is net yn wurden to sizzen. Nei it forstjerren fan Ket is dan nou de hear Bram Feenstra dirigent. Under syn lieding binne der hiel hwat opnamen makke foar de Rono en de Vara, faek en op forskate plakken hat it koar songen by de Eeltsje Halbertsmabitinkingen.

Oan it Halbertsma- en it Troelstradeklamatorium is meiwurke ûnder lieding fan Alfred Salten. Dit binne inkelde hichtepunten út it bistean fan it koar.

Jildelik hat it koar der wolris min foar stien. Gelokkich binne der minsken yn Grou, dy't jierliks in bilangrike stipe jowe. De gemeente stipet ek hwat hja kin. Der is ek tige meiwurking fan de dûmnys en de tsjerkebistjûren.

De foarsitter seach de takomst dan ek mei moed tomjitte.

DE TSJINST OP SNEIN

Sneintomoarn wie der yn de Formanje in tsjerketsjinst mei as foargonger it earelid Ds. C. P. Hoekema fan Heemstede.

Hy bigoun mei de skiednis to fortellen fan de ramp mei de „Titanic", in skip sa sterk, dat de makkers derfan seine, dat God sels it net ta sinken bringe koe.

Mei it forgean fan dit skip waerd it 19de ieuske bitrouwen yn de foarútgong ek tuskuord, hwat him yn de wrâldkriich noch fuortsette. Forskriklike toanielen ha him op dit skip ôfspile, hûnderten binne fordronken. De kapel fan it skip soe doe it liet: „Nader mijn God tot U" songen ha. Dit stiet net fêst, mar waerd wol foar wier oannommen en fan gefolgen waerd it liet doe oeral ynstudearre en songen. Op 5 maeije 1912 song in koarke it liet by in stjinst ûnder dûmny Ens. It binne fremde wegen, as men bitinkt, dat troch it forgean fan dit skip hjir in koar oprjuchte is. It is hjoed in dei fan feest. Doch wolle wy net neilitte, dejingen to bitinken, dy't yn earder tiden by it koar heard ha en nou forstoarn binne. Der ha foar dit koar ek oaren west. Euphonia bygelyks en Harmony en it skoalbernkoar fan master Bos. Grou is jimmer in doarp west dêr't in bulte songen is, mar mei dit koar is Grou forneamd wurden. It is mei sjongen sa, dat de minske him dan better doar to uterjen. It mei elkoar sjongen tilt de minske op út syn deistich bistean ta heger libben, eat dat fan heger oarder is. Sels de dimmene Fries uteret him alhiel yn it sjongen en docht der sels syn bilidenis yn. It is elk net jown om in boek to skriuwen of in skildery to meitsjen, mar de jefte jins siel yn it sjongen to lizzen is oer mear minsken fordield. It wêzen komt by it sjongen nei bûten. Hoe fol oerjefte steane de gesichten net fan allegearre, hert en siele binne dan sichtber, it sjongen is dan in medium tusken ús en God.

Foar fyftich jier hat hy ek by him thús it liet: „Nader, mijn God tot U" sjongen heard en hy biskôget it as hwat hiel bysûnders, dat hy dat nou hjir wer hearre mei. In libben lang is der troch it koar utering jown oan ús leauwen. Wy hoopje, dat wy dat lofliet noch lang yn en bûten Grou hearre meije. Wy binne mei it koar, it koar is mei ús.

Ek dizze tsjinst joech it koar syn meiwurking. Hja hawwe songen it „Recordare", it „Nader, mijn God bij U" en „Simsons Jubel".

In tsjinst dy't ús lang bybliuwe sil.

JUBILEUMCONCERT

van het Gemengd Koor.
Muzikale vertolking van Kodaly's Missa Brevis hoogtepunt uit het programma.

Het Gemengd Koor heeft zaterdagavond jl. ter gelegenheid van haar vijftigjarig bestaan voor een geheel gevulde St. Pieterskerk een stijlvol concert gegeven.

Nu Friesl 14 mei 1962

Overdracht brandweerauto

1. Burgemeester en wethouder bekijken de nieuwkoop.

2 en 3. De spuiten in actie.

4. De drukte op de Kade. De fabrikant, de heer Kronenburg, maakt een praatje met burgemeester Walda, wethouder De Jong en diens vrouw.

